

**MYN
ALDERLEAFSTE
BERNEBOEK**


'Myn alderleafste berneboek'

*It kin hast net mis. Elkenien hat wol in alderleafst
berneboek. Wy hawwe ús leden frege nei harren
alderleafste berneboek fan eartiids, doe 't hja noch
lytse minsken wiene. Dit is in samling fan harren
ferhalen en oantinkens.*

It Skriuwersboun, 2023

Minsken en harren boek – mei in ferhaal

Geart van der Meer	Jonges fan Gaesterlân	4
Lida Dijkstra	Tutte mei de linten	7
Sietske Boonstra	Moarke	9
Marian de Boer	Snoes de poes	12
Sigrid Kingma	Aukje en har maten	14
Esther Rodenhuis	Pyfke Lokometyfke	17
Janneke Spoelstra	Der wie ris in âld wyfke	19
Simen de Jong	Fan in Einekoer, in Poepetoer en in Lulke Boer	23
Willem Verf	De jonge priiskeatser	26
Reina Greet		
Smeink – Kroodsma	De sike ko	28



Dit boek is fan

Titel

Auteur

Yllustraasjes

Fryske oersetting

Útjouwer, jier útjefte

Geart van der meer

Jonges fan Gaesterlân

Inne de Jong

Tjeerd Bottema

-

Brandenburgh & Co, Sneek

1960 (tredde druk)

Ik kin my eins net echt in berneboek yn 't sin bringe. Ik bin fan 1944, en ik leau net dat der doe (sis mar yn de jierren 1950-54, doe't ik noch in lyts bern wie) berneboeken by ús yn 'e hûs omsweefden.

Foarlêzen waard der ek net. Mem mocht wol graach Frysk lêze, mar foarlêze die se net - se sil it wol drok genôch hân hawwe - mei sân bern, en ik wie de jongste.

Ik wit noch wol in boek foar 'jonges' sis mar - gjin bern. Dat wie JONGES FAN GAASTERLAN - fan Inne de Jong. Dat fûnen wij machtich ynteressant, want dat spile yn in streek dy't foar ús as Toppenhústers suver eksoatysk oandie. Mei bosken en sa en sângrûn en 'groppen' yn it bosk, wat blykber ûndjippe drûge sleatten wienen, wylst foar ús 'groppen' yn in bûthús te finen wienen, dêr't de kij yn skieten.

Fierder wit ik der net folle mear fan, en ik ha dat boek ek noait sels hân, leau ik. Mar dat fan dy 'groppe' is mij altyd bijbleaun. Dan wie der ek noch TORDA DE SIGEUNERHUN, dêr't ik neat mear fan wit. Dat wie fan J. van der Ploeg.



Foto: Niels de Vries

Dit boek is fan

Titel

Auteur

Yllustraasjes

Fryske oersetting

Útjouwer, jier útjefte

Lida Dijkstra

Tutte mei de linten

Diet Huber

Diet Huber

-

Earste printinge 1955,


Alfde printinge 2009.

By in freondintsje seach ik it boek *Tutte mei de linten* fan Diet Huber foar it earst. It sil 1968 west ha. It freondintsje en har suske hiene it boek tegearre fan Sinteklaas krigen. In dielkadootsje, sis mar, en ik dielde mei, want út en troch dûkte ik stikem yn it boek as ik by harren thús wie.

'Tutte' wie it boek dat my foar it earst yn de kunde komme liet mei Frysk lêzen. De taal wie gjin obstakel, ik lies foar it faderlân wei. Hoe koe it ek oars. De ferskes dûnsje. Se binne op rym, alliterearje, ha in prachtich taaleigen en der sit in soad humor yn. De yllustraasjes, troch Diet Huber sels makke, binne swart-wyt, mar de taal is keakelbûnt. Ik wie sa'n fan, dat ik al gau in stik of wat gedichtsjes út 'e holle koe. Op dy wize hie ik it boek sels ek in bytsje. Op de legere skoalle skreau ik soms 'fanfiction' op kladbryfkes; ferhaaltsjes dêr't Tutte of de biezem en de bjinder de haadrol yn spilen.

Ik ha altyd fan taal holden. Doe't ik fjouwer wie, kraste en krinkele ik rigels en bledsiden yn in skrift fol, yn 'e hope dat der letters ûntstean soene. Dat foel ôf; net ien koe it lêze. Fan myn sânde ôf skreau ik yn in deiboek en betocht ik toanielstikjes foar myn poppekastpoppen.

Sprong nei no: ein jannewaris '23 is myn nije boek *De Letterfretter* útkommen, mei Fryske bistegedichten dêr't hieltyd in ien-, twa- of trijelûd sintraal yn stiet. Wa't dat iepenslacht, sil fernimme dat 'Tutte' noch altyd yn myn hert wennet en dat ik noch krekt sa gek bin op taal as doe't ik einlings lêzen leare mocht.



Dit boek is fan

Titel

Auteur

Yllustraasjes

Fryske oersetting

Útjouwer, jier útjefte

Sietske Boonstra

Moarke

A. Meester de Vries

Sjoerd Kuperus

-

Laverman, 1961

Us mem lies ús in protte foar doe't wy lyts wiene,
myn twa broers en ik. Ik wie de jongste en it
iennichste famke, ik mocht by mem op skoat en koe
moai mei har meilêze. *Tutte mei de linten. Durk en
Djoke. Durk en Djoke wurde greater. Alaska-estafette.
Jerk.* Moaie Fryske boeken. Nei it jûnsiten noch even
opbliuwe. Even gjin geprottet, gjin getsier. Mei
elkoar opgean yn in ferhaal, in oare wrâld ûntdekke.
Dêr, op de skoat fan ús mem, is de leafde foar boeken
ûntstien.

It boek dat my it meast dierber is, is *Moarke*, fan A.
Meester-de Vries (útjefte 1961). Oer de aventoeren
fan in swarte kat dy't op in pleats wennet en fan
alles meimakket. Moarke is in yntelliginte kat dy't
minsk en bisten goed oanfielt. En se wit har altyd
wer te rêden. Ik koe my neat moaier foarstelle as
sels ek sa'n prachtich bist te hawwen, mei sa'n sêft
glânzjend feltsje. En myn dream kaam út: doe't de kat
op de pleats fan myn skoalfreondinne jongen krige,
mocht ik der ien fan ha. In swart katerke mei wite
sokjes en in wyt befke. Ik neamde him Morie. En dat
wie de earste fan de katten dy't ik yn 'e rin fan 'e
jierren hân ha, want de leafde foar katten is ek
altyd bleaun.

Wêr't it boek keard is wit ik net, it wie net mear yn
it âldershûs te finen. Doe 't myn âldste broer in

pear jier lyn de souder opromme, kamen der in protte boeken út ús bernetiid foar it ljocht. *Tutte mei de linten, Durk en Djoke, Jerk...* mar *Moarke* wie der net by. Koe ik it boek mei it opfallende griene kaft dan earne oars op 'e kop tikje? Ik socht der om yn kringloopwinkels, mar dêr kaam ik it net tsjin. En doe kaam ik op it idee om ris op boekwinkeltjes.nl te sjen. En ja, dêr wie it gewoan te keap! Ik ha it fuortdaliks besteld en twa dagen letter hie ik it yn 'e hûs. En tidens it lêzen siet ik wer by mem op skoat, te genietsjen fan dizze moaie, leafdefolle ferhaaltsjes...



Dit boek is fan

Marian de Boer

Titel

Snoes de poes

Auteur

Jelle Bangma

Yllustraasjes

Johan Bloem

Útjouwer, jier útjefte

KKFB, 1990

Sa'n 30 jier lyn liende ik dit boek by de biblioteek om foar te lêzen oan myn bern. Ik ha dêr hiel moaie oantinkens oan.

It ferhaal giet oer Snoes de poes. Snoes ferdwaalt yn 'e bosk en slút freonskip mei in ûle, in ree, in spjocht en twa stikelbargen.

It boek is wer werom fûn. Dizze kear om foar te lêzen oan de pake- en beppesizzers. Foarlêzen yn 't Frysk bliuwt hiel leuk!



Dit boek is fan	Sigrid Kingma
Titel	Aukje en har maten
Auteur	Karel Ferdinand Gildemacher
Yllustraasjes	-
Útjouwer, jier útjefte	Afûk, 1983

Myn favorite berneboek wie: *Aukje en har maten* fan Karel Ferdinand Gildemacher út 1983. It giet oer Aukje marmot en har famylje. Der sitte meardere ferhalen yn, wêrûnder twa raamfertellingen. Dat binne oare ferhalen dy't de heit oan de bern foarlêst. It ferhaal begjint as de maitiid oanbrekt. It moaiste oan it boek fûn ik dat it Frysk wie. Ik hie wol in soad boeken, want wy wienen lid fan de Disney boekekup, mar inkeld trije Fryske boeken. Ien wie in ferheljend ynformaasjeboek: *Bisten om hûs en hear*. In oare wie *In hûs fol ferhalen*. Geniaal, mar dat gie my doe't ik 3 jier wie noch boppe de pet.


Aukje en har maten fûn ik it moaist fanwege de prachtige yllustraasjes. Ik ha de marmotsjes faak neitekene. Ik tink dat wy it boek hienen om't ús mem ek Aukje hjit. Oft se it kocht hawwe of krigen, dat wit ik net. It is hielendal stikkenlêzen, ik keas it sawat alle jûnen út as foarlêsfertaaltsje.

Kinst sjen dat Afûk it útjaan yn 1983 noch wat leare moast. It boek is in oersetting út it Frânsk, mar ynformaasje oer de oarspronklike skriuwer en yllustrator is net fermeld. Op de lêste side stiet inkeld: © 1969 Editions des Deux Coq d'Or, Paris. ISBN 90 6273 080 9 It boek is by it drukken ferkeard

yninoar set. De lêste trije titels komme net oerien mei de ferhalen. De titels stean goed, mar de ferhalen en yllustraasjes binne yn de ferkearde folchoarder set. De twa raamfertellingen sitte no nei-inoar oan de ein. Dy flater hat my nea wjerholden om it boek hieltyd wer te kiezen. Myn oppas tocht dat ik al lêze koe, mar ik koe it boek gewoan wurd foar wurd út de holle. As ús heit in wurd miste, dan wie ik der foar de korreksje. Dat hat my letter goed holpen doe't ik echt lêzen learde.

It boek is âlder as dat ik bin en alle siden sitte der noch yn. Ik lês it ek wolris foar oan myn dochter, mar sy hat no har eigen favoriten en folle mear Fryske boeken as ik eartiids hie. Op de kaft fan it boek stiet net in tekst oer de ynhâld fan it boek sa't gebrûklik is, mar in reklame fan de Afûk foar Fryske learmiddels en berneboeken yn it algemien.





Dit boek is fan

Esther Rodenhuis

Titel

Pyfke Lokometyfke

Auteur

Jant Visser-Bakker

Yllustraasjes

Anneke Buizer-Visser

Útjouwer, jier útjefte


Koperative Utjouwerij,

Ljouwert 1977

Myn alderleafste berneboek is Pyfke Lokometyfke, it is in boekje mei rymkes foar beukers. It is grif ek ien fan myn earste boekjes west, ús mem lies it altiten foar en doe't ik sels lêze koe haw ik it kear op kear lêzen. Myn jongere broer foarlêzen en letter ús bern.

It is sa'n boekje wat noch regelmjittich even út de kast komt omdat it sokke alderaardichste ferskes binne. Ien lêze slagget net, it wurdt dan grif wer it hiele boekje!

Doe't ik sels noch in lyts beukerke wie wie it ferske fan Bimmel Bommel bearke myn favoryt, grif omdat it bearke wat brutaal wie. Myn broerke, wie sljocht op Dorus Dropke en doe't ik wat âlder wie fûn ik De wetterbeam mei it tekeninkje fan in kabouter ûnder in treurwylch hielendal geweldich. Ik makke sels ek tekeningen by it boekje en betocht hoe de kabouter hurd oan it wurk wie mei it pompen fan it wetter. Ja it bliuwt gewoan in prachtich boekje mei allegearre moaie rymkes.





Dit boek is fan

Janneke Spoelstra

Titel

Der wie ris in âld wyfke. In
âld teltsje foar de Fryske
bern opskreaun

Auteur

Wurdt net yn it boek neamd.
By de earste útjefte stie
der by: Troch Nynke van
Hichtum.

Yllustraasjes

Tseard Bottema

Útjouwer, jier útjefte


Drukkerij en Uitgeverij
Laverman, Drachten, 1960
(Twadde printing

'Der wie ris in âld wyfke' is myn alderleafste berneboek? It wie yn elk gefal myn earste eigen boek. Der wiene wol berneboeken yn 'e hûs, oer 'Kaatje Kip' bygelyks, mar dy wiene fan broer of suster, en oer 'Piet van Dam', dat wie noch fan heit of mem. En boppedat wiene dy yn it Nederlânsk.

Der wie ris in âld wyfke is in âld steapelrym. De earste printinge kaam út yn 1908. (R. van der Velde, Ljouwert, sjoch:

https://www.dbnl.org/tekst/hich002derw01_01/.

It giet oer in âld wyfke dat in houten duit fynt en dêrmei nei de merk ta giet. Yn it koart giet it sa: Se keapet in baarch, mar de baarch wol net nei hûs ta gean, of ... se moat him nei hûs ta drage. Se giet nei de hûn en freget him oft hy de baarch bite wol. Nee, seit de hûn. Dan giet se nei de stôk, en freget oft dy de hûn slaan wol. Nee seit de stôk. Dan giet se nei it fjoer, oft dy de stôk baarne wol. Nee, seit it fjoer. Dan giet se nei it wetter, oft dy it fjoer úteazje wol. Nee, seit it fjoer. Dan giet se nei de okse, oft dy wetter drinke wol. Nee, seit de okse. Dan giet se nei de line, oft dy de okse bine wol. Nee, seit de line. Dan giet se nei de mûs, oft dy de line gnauwe wol. Nee, seit de mûs.



Dan giet se nei de kat, oft dy mûs opite wol. Jaa! seit de kat. En de kat efter de mûs, de mûs efter de line, de line efter de okse, de okse efter it wetter, it wetter efter it fjoer, it fjoer efter de stôk, de stôk efter de hûn, de hûn efter de baarch. En huorre, huorre, huorre, de baarch siet yn 'e skuorre!


Ik krige it boek op myn fyfde jierdei (yn 1967) fan ús tante Akke. Ik sjoch dat sa noch foar my. Tante Akke hie sels gjin bern. Se sei derby, tsjin ús mem, har skoansuster : 'Us heit fertelde ús dat ferhaaltsje altyd.'

Earst waard it my foarlêzen, en ik wit noch wol dat wy it der dan oer hiene wat 'úteazje' wie, en wat 'in okse' wie. Wat 'huorre, huorre, huorre' wie, dêr binne wy nea útkommen.

Letter lies ik it sels. Dat koe ik al gau, want de skoalle fan Hijum wie gelokkich, gelokkich, in jier foardat ik derop kaam in twatalige brechjeskoalle wurden! Mei tank oan master Brinksma en juf Inberg.

Ik haw der ek nochris in foech wurkstik oer skreaun foar de HBU-oplieding Frysk by de NHL, by it fak jeugdliteratuer. Dat hat ek publisearre west, op 'e FLMD-side noch, tocht ik, (2001?) mar is weiwurden yn it wrâldwide web. It boek haw ik noch.





Dit boek is fan

Titel

Auteur

Yllustraasjes

Fryske oersetting

Útjouwer, jier útjefte

Simen de Jong

Fan in Einekoer, in
Poepetoer en in Lulke
Boer

E.S. de Jong

Jekke van Dyk


-

Nûmer 13 fan 'e Kristlik
Fryske Folksbibleteek,
utjown en printe by
Brandenburgh & Co,
Snits, 1947

It alderleafste berneboek? Dat is noch altiten: Fan in Einekoer, in Poepetoer en in Lulke Boer fan E.S. de Jong, mei printsjes fan Jekke van Dyk, nûmer 13 fan 'e Kristlik Fryske Folksbibleteek, utjoon en printe by Brandenburgh & Co, Snits, 1947 (sa as it der stiet op ien fan 'e earste siden). Der binne ferskate werprintings kommen en dit hâldt mar net op. Sels lêzers dy't net mei it Frysk opwoeksen wurde optein, lykas Marie Roelofsen út Amsterdam dy't it boekje yn in kast seach by famylje yn Fryslân en it boek wer oersetten hat nei it Hollânsk en it oarspronklike ek noch mei eigen tekeningen derby ta in dûbelútjefte makke mei in bân der omhinne mei de Fryske en Hollânske flagge. Sels kom ik as soan fan 'e skriuwer faak wol minsken tsjin dy't spontaan my begroetsje mei de earste sinnen út it boek: Klos, klos, klos....! Der komt Hannes oan... Altiten wer laitsje fansels. By Tresoar moat ien en oar wol lizze.



Oersetting: Marie Roelofsen



Dit boek is fan

Titel

Auteur

Yllustraasjes

Fryske oersetting

Útjouwer, jier útjefte

Willem Verf

De jonge priiskeatser -

Nynke van Hichtum

Tjeard Bottema

-

1939, Eisma twadde druk

Ik krige as jonge 'de jonge priiskeatser' fan Nynke van Hichtum fan in tante. Dat fûn ik heul yntrigearjend... Dat spile yn in oar Fryslân mei keatsen en waad, suver eksoatysk foar ien út de súd west hoeke mei fuotbal en marren... Pyfke Lokomotyfke wol ik ek trochjaan, mar dan as boekje dêr't ik ús bern út foarlies!

Nynke van Hichtum skreaun it earst yn it Nederlânsk [Jelle van Sipke - Froukes] en dêrnei waard it oerset yn it Frysk as 'de jonge priiskeatser'.





Dit boek is fan

Titel

Auteur

Yllustraasjes

Fryske oersetting

Útjouwer, jier útjefte

Reina Greet

De sike ko

H.E. Todd

Val Biro

A. Zantema

Afûk, Ljouwert 1980

'De sike ko' is myn alderleafste berneboek. Doe 't ik in - noch - lytsere Reina Greet as no wie, is it my kear op kear en nochris in kear foarlêzen en doe 't ik it sels koe, lies ik it sels. Oant no ta en fierder.

It ferhaal giet oer in ko dy 't net alhiel yn oarder is. Hy woeft en hy miaut en op 't lêst kwêket er der op los. It liket slim. Is it hûnesykte, de kattesykte of dochs wat oars? Lokkich wurdt de kowe-spesjalist ynflein mei in helikopter en mei in ferskriklik knap idee makket hy de ko wer better. Elkenien is bliid en giet yn 'e hûs om tee te drinken en te brea-iten. De ko is ek bliid. Boe!

Myn favorite side is dy wêr oft de ko midden yn de stikels stean giet, wol tsien foet de loft yn springt en elkenien joecheit en bliid is dat de ko wer 'boe' ropt. Tsien foet de loft yn, dat fûn ik eartiids mar bjusterbaarlik.

It boek is úteinlik by myn sus terjochte kaam en dochs woe ik sa hiel graach ek sels in eksimplaar. Ik ha socht en socht mar koe it net fine. Wol yn 't Ingelsk. Ek aardich, mar gjin Frysk. Doe, op in hiel bysûndere dei, krige ik it kado fan myn freondinne Lysbeth. Dat ferjit ik nea wer! It boek is my hiel alderleafst.

*It kin hast net mis. Elkenien hat
wol in alderleafst berneboek. Wy ha
ús leden frege nei harren
alderleafste berneboek fan eartiids,
doe 't hja noch lytse minsken wiene.
Dit is in samling fan harren
ferhalen en oantinkens.*